

**SKRIFTLIKE FRAGEN, ex artikel 41 Reglement van Orde**

Rjochte oan DS / lid DS	Avine Fokkens
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>Sûnt it útbrekken fan koroana stean de buertbussen yn Fryslân stil. Mei mar ien tagongsdoar kin in goede fentilaasje net garandearre wurde yn de achtpersoansbuskes. De ritten mei de buertbussen wurde riden mei frijwilligers dy't faak al wat op leeftyd binne, en dêrmei ta de koroana-risikogroep hearre.</p> <p>Ut ûndersyk troch TNO docht bliken dat der by buertbussen noch grutte soargen binne oer de fersprieding fan aerosolen en de tapassing fan kuch-skermen. In ferfolchûndersyk nei de tapassing fan HEPA-filters sil seker net foar oktober klear wêze.</p> <p>Yn Fryslân binne der neffens tsjinstregeling seis buertbuslijnen, benammen yn it súdeasten en súdwesten fan de provinsje. Foaral âlderen en skoalbern brûke de buertbus, dy't essinsjeel is yn in part fan de provinsje dêr't oars gjin iepenbier ferfier is.</p> <p><b>Boarnen:</b></p> <ul style="list-style-type: none"> <li>• Friesch Dagblad, <i>'Buurtbus blijft nog wel even stilstaan'</i>, 22 augustus 2020; Omrop Fryslân, <i>'Skerm ôfkard yn buertbus; dy moat oan de kant stean bliuwe'</i>, 22 augustus 2020; OVPRO, <i>'Wanneer kan de buurtbus weer de weg op?'</i>, 18 augustus 2020.</li> <li>• TNO, Dr. Jan L. Souman, <i>'Effectiviteit van schermen in het stads- en streekvervoer (buurtbus)'</i>, 4 augustus 2020;</li> </ul>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"> <li>1. Is it kolleezje mei ús fan miening dat de buertbussen in wichtich ûnderdiel binne fan it iepenbier ferfier yn Fryslân en dat dy buslijnen sa gau as it kin wer opstart wurde moatte?</li> <li>2. Is it kolleezje yn petear mei de konsesjehâlder Arriva oer in oplossing foar wer opstarten fan de buertbussen? Hat Arriva de kapasiteit om gruttere bussen yn te setten op de buertbuslijnen? Wa draacht it finansjele risiko fan sokke maatregels, de konsesjehâlder of de provinsje?</li> <li>3. Yn it gefal dat de konsesjehâlder Arriva de nedige kapasiteit net hat, sjocht it kolleezje dan ek nei mooglikheden om it materieel (en personiel) fan Fryske bus-ûndernimmers yn te setten om it probleem fan de buertbuslijnen yn de kommende tiid op te lossen? Is it kolleezje hjiroer al mei de Arriva en de bus-ûndernimmers yn petear? Wat binne de finansjele konsekwinsjes fan sa'n ynset? Sjocht it kolleezje de mooglikheid om ek it Ryk oan te sprekken op in finansjele bydrage, om dêrmei de berikberens en de leefberens fan de oanbelangjende gebieten yn stân te hâlden?</li> </ol>
Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hântekening) FNP Wopke Veenstra
Datum	24 augustus 2020